

# Simmerdei

kearsang: simmerdei  
simmerdei yn't fryske lân

Bm A C  
F# Bm

de wetterwille barst wer los  
mei skipperspet en plestyk jas  
farre wy yn in file troch de feart  
in reidwâl seit ús neat

Em Bm  
G Bm  
Em A7 D  
G F#

kearsang:

de kampen fol mei caravans  
en elke jûn wer oare bands  
genôch patat en bier en moaie froulju  
om de simmer troch te rôljen

kearsang:

elk fielt him ynternasjonaal  
mei opskriften yn dútske taal  
bringe winkellju har keapwaar oan de man  
so dass man es begreifen kann

kearsang:

wy fulle elke meter sân  
fan Flylân, Skylge en 't Amelân  
op it waad fynt sels in fûgel noch gjin rêst  
dit is Fryslân op syn bêst!

kearsang: